

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....

Wit Wat

SKRIUW DE WURDEN OP IT GOEDE PLAK

(Kies út : plak, mear, dak, sear.)


Gedicht

Lies wie op har bêd oan 't springen.
Se koe krekt sa heech as it
Doe hat se har holle stjitten.
En no hat se in blau
Lies dy sjocht it yn 'e spiegel.
Ast deroan komst docht it
Wer hiel heech op bêd om springe?
Nee, dat docht se no net



Kinsto goed kleurje?

Pak 4 kleuren. Read, blau, grien en giel. Kleurje de klean fan alle popkes. Mar tink derom, net ien popke mei gelyk wurde en elk ûnderdiel wurdt effen kleure.




YT IK FLEIS OF NET?

Set de namme by it goede bist.

Kies út: poes, ko, ûle, flinter, snoek, ein, mol, hamster, kikkert en rûp.

Set der ek by of it bist **wol** of **net** fleis yt.




Witst wol dat:

- dat lytse poppen mar in heale liter bloed ha?
- dat dit like folle is as in lyts fleske drinken?
- dat bern yn groep trije en fjouwer al 4 liter bloed ha?
- dat dit like folle is as 4 grutte flessen drinken?
- dat master en juffer noch in liter bloed mear ha as dy?

- dat haaien yn 'e see goed bloed rûke kinne?
- dat guon soarten flearmûzen bloed drinke?
- dat ek de miggen en neven op dyn keamerke bloed sykje?
- dat allinne de wyfke-neven dy stekke, omdat sy it bloed brûke om aaike te lizzen?



Kleurje it hert en it bloed hiel
netsjes op en fertel hoe 't it
bloed troch dy hinne streamt.


















SUDOKU

Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.
In pleister, in mes, in druppel bloed, in hert en in skjirre.

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

Kinsto de oare plaatsjes tekenje?



Bloed - 6
BLOEDMOAI FERSKE

tekst: Jelle
meldij: Peter en Clara

Bloed rint troch myn hiele lichem
oars dan koe ik net bestean
troch de ieren giet it hiel'ndal
nei it puntsje fan myn tean.
En yn sport bin 'k supergoed
want dat sit my ek yn 't bloed.

Bloed bringt soerstof nei myn spieren
bringt it iten goed te plak
as myn bloed in luie dei hat
bin ik sels ek siik en swak.
Mei muzyk bin 'k ek sa goed
want dat sit my ek yn 't bloed.

Dus jim hearre: 't is in wûnder
A - B - O sa posityf
nee wy kinne noait wer sûnder
al dy liters yn ús liif.
'k bin in superstar sûnt hjoed
want dat pomp ik sels troch 't bloed.

'Bloeddruk, bloedgroep, bloedlichaampjes'
bloedmoai rint it krekt ûnder dyn hûd
sjoch ik jou mysels in prikje...
Au! O jakkemem, kom gau...ik bloed!!



Wit wat